

20 *Rûpke Rap*

Op 'e grûn of op 'e stoel sitte, mei de fuotten neist inoar. De fûst is it rûpke.

Rûpke Rap
hap hap hap.
Fan't iene
op it oare blêd.
Rûpke, bist no
noch net sêd?
Mar dan hâldt
it rûpke op,
want it rûpke
wurdt in pop!

*rûpke Rap krâpt oer de skonk
by it sizzen fan 'hap' mei de fûst op de skonk tikje
fan de iene op 'e oare skonk*

fan de iene op de oare skonk

stil sitten bliuwe

de fingers rjochtút dwaan en de hân stil hâlde

Popke Pap
ferset gjin stap,
want syn feltsje
docht 'knap knap'!
En wat bart der,
'fladder fladder':
út it fel
fan popke Pap...
komt in flinter!
'Flap flap flap'.

de hân mei de fingers rjochtút, stil op 'e skoat hâlde

by 'knap' de fingers útinoar dwaan

de fingers op en del dwaan

de hân omheech dwaan

de flinter fuortfleane litte